

## Ferslach jiergearkomste fûgelwacht Wommels e.o. op freed 18 maart 2022

It is goed kertier foar achten as foarsitter Teade de Boer sa'n fiifentweintich leden ferwolkomje kin. "Der hiene noch wol wat by kind", mar dat is hast yn alle ferslagen fan de ôfrûne jiergearkomsten te lêzen en we binne hjoed echt wol tefreden mei de belangstelling. In spesiaal wurd fan wolkom is der foar de eare-foarsitter en fansels foar ús gast fan dizze jûn : Astrid Kant.

Astrid Kant wurket – sa as se sels seit – al 35 jier jier yn it ferburgene : yn in skûlhutte. Fandêrútwei bestudearret se mei leafde en passy it libben fan de skries. Omdat Astrid it yn it Hollânsk docht hjir in pear punten út har ferhaal yn dy taal.

*Mijn verhaal gaat over Tanja, dochter van een biologische boer die op natuurlijke wijze zijn bedrijf heeft ingericht : geen insecticiden, slootkantbeheer, kruidenrijk grasland, insecten en water zijn essentiële elementen binnen dit bedrijf. En dan bestudeer ik daar vanuit mijn schuilhut het leven van de grutto.*

Astrid vertelt verder aan de hand van prachtige foto's over het leven van een grutto : van kuiken tot volwassen vogel. Er komt een heleboel bij kijken om een grutto –kuiken groot te krijgen. Het gaat dan onder meer om het belang van vernatting, de aanwezigheid van insecten en het gebruik van ruige mest. Is dit niet voldoende aanwezig dan is de kans dat de kuikens groot worden maar klein. In de praktijk is er vaak maar één van de twintig kuikens die groot wordt. Veel kuikens sterven aan ondervoeding vanwege insectengebrek, te weinig water en/of ondervoeding.

Conclusie : Astrid schein geen heel positief beeld betreffende de toekomst van de grutto : als er geen verandering optreedt is er over 10 á 20 jaar hier geen grutto meer.

Wist u verder dat :

- a. Beide ouders van de grutto broeden?
- b. Dat grutto-paren en hun kuikens "hechte gezinnen" zijn ?
- c. Dat de broedtijd ongeveer even lang duurt dan de vlieg-vlug tijd?
- d. Dat een grutto 80% van de tijd met z'n poten in het water staat?

Nei dit boeiende ferhaal is it tiid foar it skoft, dizze kear mei in bisûndere ferlotting : dûbele nûmers en dus dûbele prizen : wêr fine jo soks noch? Dêrnei wurkje we yn flot tempo de agenda ôf.

### **1. Ynkommen stikken.**

- 8 april jiergearkomste BFVW.
- 27 april Brewaardtelling by Murk Nijdam.
- 6 maaie ekskurzje foar leden by Murk Nijdam.
- 12 juny boattocht foar neisoargers yn de Alde Feanen.

### **2. Jierferslach en oantekeningen foarige gearkomste.**

Dizze beide wurde sûnder op- as oanmerkingen fêststeld.

### **3. Finansjeel oersjoch.**

De kaskommisje hat de boeken neisjoen en it wie yn 'e oarder. Se ferliene derom decharge. ( in wurd fan dank oan de ponghâlder ) Takom jier sil de kaskommisje foarme wurde troch Auke de Boer en Emke de Hoop.

### **4. Bestjoerssaken.**

Oftredend en net wer te kiezen binne Jan-Eric Valkema en Jan van Asselt. Beide hearen wurde bedankt foar harren wurk. Foarsitter Teade hat goede wurden en in origineel oantinken foar beide mannen. Nij yn it bestjoer komt Jan Friso Bruinsma. Om't hy der jûn net by wêze kin stelt er him fia in byldopname foar. Spitich dat it lûd it net die, mar lokkich wist Teade presys wat Jan Friso sein hie. Wolkom JF! It twadde bestjoersplak is noch net ynfuld mar der is noch in kandidaat dy't it yn berie hat. Ofwachtsje dus.

### **5. Aaisykje, neisoarch, briedsoarch.**

De foarsitter betanket nochris foar it jubileumkado fan Murk Nijdam : in drone foar ús eigen wacht ! We binne der tige wiis mei. Der binne seis leden dy't harren opjûn hawwe foar de oplieding "drone-piloat" en de earste les is al jûn. Moanier betiid wer, dus jûn net te let ! Fierder sille alle neisoargers de aaisikerskaart en it bûshúsboekje ynkoarten krije fan de kontaktpersoan út it bestjoer. As lêste fertelt Thom V. dat it knap rûn is mei de briedsoarch : aardich wat kastkes wiene beset en de stikkene kastkes binne makke en/as ferfongen. De sifers oangeande de greidefûgels binne op in earder stuit al fermeld yn de nijsbrief ( it wie in goed jier! )

## **6. Jeugdôfdieling.**

Teade fertelt ús wat der allegearre op priemmen stiet foar de jeugd yn it ramt fan it jubileum : op de beide skoallen sil der in protte oandacht oan jûn wurde . It giet dan bygelyks om gastlessen, foarlêzen, aaisykjen, fûgelhúskes meitsje, fierljeppen en in “Tour de Swel” Allegearre aksje dus en it is de bedoeling om natoer-edukaasje in fêst plak te jaan yn ús jierprogramma. Fierder belûke we net allinnich de jongerein by it projekt mar we sykje de ferbining mei it hiele doarp, Sa ha we ek kontakt mei Nij Stapert en mei de Mik. De oanwêzigen wiene suver wat ûnder de yndruk fan alle plannen.

## **7. Jubileumprojekt.**

Dêrnei fertelt de foarsitter oer it jubileumprojekt “Oer de râne fan de tiid”. Hy fertelt oer de iepening op 1 april, oer “it glêzen hûs” en wat de bedoeling is, oer wa’t der allegearre plak nimme sille yn dat hûs en wat se hooplik neilitte sille foar de takomst en oer de audio-tour nei de Slachte. It is eins te folle om op te neamen wat der allegearre barre sil en folslein kin de foarsitter net wêze. Om’t der genôch PR wêze sil rûn dit jubileum kin it net misse dat eltsenien der wat fan meikriget. Nei myn gefoel binne yn elts gefal de oanwêzigen nijsgierrich en enthousiast wurden! De ein-ôfsluting sil plak fine op 24 sept. o.s. en alles oangeande it jubileum sil te sjen wêze op [www.75+1.nl](http://www.75+1.nl)

## **8. Rûnfraach.**

Om’t der fierder neat mear is foar de rûnfraach slút de foarsitter – hast wat heas fan alle praten – moai op tiid de gearkomste en is it tiid foar in drankje

maart 2022

Jan van Asselt